



**De
Fryske
Beweging.**
sûnt 1945

Foar: Redaksje tiidwurden.frl
Per e-mail: tiidwurden@gmail.com
Oer: Plombrief foar brûken Frysk

Ljouwert, 9 septimber 2024

P L O M B R I E F

Achte redaksje,

De Fryske Beweging dy't krewearret foar it Frysk, stelt it tige op priis dat minsken en ynstânsjes it Frysk brûke en op positive wize opkomme foar mear romte foar it Frysk. Jimme inisjatyf om de webside tiidwurden.frl op te setten wurdearje wy tige. Wy hawwe dêrom besletten jimme mei dit brief in saneamde "plom" ta te kennen.

Wêrom in plom?

Wy fine it wichtich dat inisjativen naam wurde om it brûken fan it Frysk te ferbetterjen. Tiidwurden.frl helpt minsken op in leechdrompelige wize om (better) Frysk te skriuwen. De side is maklik te brûken, bygelyks troch de ienfâldige wize wêrop't jimme útlizze hoe't der in web-app fan de side makke wurde kin. Ek ferwize jimme nei Frysker.nl om minsken noch fierder te helpen.

Tiidwurden.frl falt ús benammen op troch de promoasje dy't jimme dêr foar makke hawwe. Jimme beklamje dêrby dat de side ûntstien is omdat 'nije' Friezen witte wolle hoe't de Fryske tiidwurden.frl wurkje. Mei redaksjelid Henk Schaap as libben foarbyld. Mei dy ynstek wurde nije ynwenners fan Fryslân stimulearre om it Frysk praten en skriuwen te learen. Dat hat effekt op it oantal brûkers fan it Frysk.

Ta beslút

De Fryske Beweging wurdearret dat allegearre tige en hat dêrom besletten tiidwurden.frl yn it algemien en yn it bysûnder Henk Schaap as grutte promoater fan de side in "plom" te jaan.

Ferfolch

Wy sille dizze plom ek kenber meitsje fia de media. Dan wurdt ús wurdearring foar it hanneljen fan tiidwurden.frl sichtber foar de wrâld. Wy hoopje dat dêrmei ek oare inisjativen foar it skriuwen fan it Frysk ûntsteane.

Mei freonlike groetnis,

Sjirk Bruinsma
Foarsitter

Nynke Beetstra
Skriuwer